

Rjuachte oanwêzigens, bêste tekstskriuwers,

Der binne meardere motiven te beneamen om SjONG te organisearjen en ien kear yn 'e twa jier flink út te pakken. Ien motyf krijt no it omtinken, om't dat oan 'e basis lei fan SjONG. Ut ús organisaasje wei - Sintrum meartaligens fan Cedin – sykje wy hieltyd wer nei mooglikheden om it Frysk in goed plak te jaan yn it ûnderwiis. En neist ús bemuoienis mei metodiken, lesmaterialen, skoaltelevyzjeprogramma's, taal beliedsplannen, fine wy ek dat konkrete eveneminten bydrage ta it fersterkjen fan it Frysk. Yn it fuortset ûnderwiis, MBÛ en HBÛ hat it Frysk net op alle skoallen in fanselsprekkend plak. 'Wat hat dat foar nut menear' en 'Waarom moeten we dat leren mevrouw'. En der binne direksjes dy't dêr gjin antwurd op ha. It skriuwen fan it Frysk hat dêrby de leechste status. En dus ha wy betocht om learlingen te ferlieden... út te daagjen om oan 'e slach te gean mei sjongteksten: meitsje op in besteande meldij in Fryske tekst - in oersetting of in folslein nije tekst - en ûntdek dêrtroch ek de sjongsumens fan it Frysk.

Derút wei is SjONG ûntstien en fansels leit jûn de klam op it sjongen, it totaal-optreden. Mar foar it skriuwen fan de nije tekst binne der absolút prizen en oer dy teksten ha wy mei ús trijen gear west, de dichteresse Elske Kampen – wa't de Fryske literatuer folget, wit wat sy yn har mars hat en skriuwer/kollega Douwe Kootstra – miskien kenne jimme him ek as ferhaleferteller.

Wy hawwe 134 teksten beoardiele – ja, dat allinne al fertsjinnet applaus – net inkeld foar ús, mar benammen foar de ynstjoerders. Wy hawwe sjoen dat leararen Frysk de learlingen besocht hawwe te aktivearjen, om oan 'e gong te gean mei in tekst – Meast Ingelske teksten en ik moat sizze ik bin wer hielendal by... Jimme kinne my alles freegje oer Miss Montreal, Beyoncé, Chef's Special (In your arms), Mr. Probz of frou Aquilera...

Tsjongejonge, wat in leafde... mar foaral ek wat in leafdesdrama's...

Hawar, dy Fryske teksten, dêr gong it dan om fansels.

Der wiene teksten hiel letterlik oerset, hast wurd foar wurd... as hiene der

'Vertaalmaschines' oan it wurk west ... ik meitsje graach reklame foar www.oersethelp.nl of it nije taalweb fan de FA, mar it werskriuwen fan in tekst freget krekt wat mear...

Ja, dy hulp by it skriuwen joech diskusje by ús as sjuery... Soms wie it dúdlik: der wienen teksten by dêr't de hân fan folwoeksenen net inkeld boppe it papier sweve hie, mar dy hân hie yngreven wurke...

Guon dielnimmers hawwe dat ek earlik tajûn: dizze tekst is net fan mysels, mar fan ús beppe... Prima, mar beppe falt dan bûten de tekstprizen...

Soms wie der gjin diskusje: as der stiet: 'Leafde werfan ik tocht dat ik it nooit soe ha mei dy'... Ja, dat is in sinskonstruksje fan in jongere... waarden wy dêr no bliid fan of net... dat wit ik net mear...

Wy hawwe ferline wike de nominaasje bekend makke fan acht ynstjoerders en ik mei no de trije priiswinners bekend meitsje.

Dêr gean we:

De **tredde** priis is foar de tekst Foar no en altyd, in bewurking fan de tekst You've got a friend fan Carole King. You just call out my name and you know where ever I am I'll come runnin...

Want ast ropst hear ik dy. Do wist wêr't ik ek bin, ik kom by dy, om dy te sjen...

Tredde priis foar Nynke Gijzen -- Bogerman Snits

De **twadde** priis is foar de tekst - Ik fiel my frij – in nije tekst op in song fan One Republic – de tekst giet oer it feit dat hy keazen hat foar in oar---sy is troch him oan 'e kant set is, mar sy lit har net út it fjild slaan: *Oh, mar hy is sa dom, ja it is sa stom*

Ik hoopje dat hy sjocht wat hy no docht

Ik negear it gewoan, hy docht mar syn ding

't Is út 'k gean troch sûnder him, sjoch it libben as in feestje.

Twadde priis foar: No Music No Life – Marne College Boalsert

De **earste** priis is de foar de tekst 'Dizze wrâld' op 'e meldij fan it lied 'Beautiful' fan Christina Aguilera. In nije tekst mei in moaie spanning en opbou en in boadskip:

Mar de wrâld wurdt read, read troch al dat bloed

Oarloch en fertriet. En de wrâld wurdt swart, fertarre troch it fjoer

Mar frede begjint by ús, dus jou dyn buorman no de hân.

Earste priis foar: Ilja Dijk – Liudger Raai Drachten

Foar de tekstsjuery SjONG 2015,

Jelle Bangma

ûnderwiisadviseur Cedin / tekstsriuwer